

Provinsjale Steaten
Tweebaksmarkt 52
8911KZ LJOUWERT

Ljouwert, 22 maart 2022

Ferstjoerd, 22 MAART 2022

Ús merkteken : 01978096
Ôfd/Opjefte : Ûndernimmend en Enerzjyk Fryslan
Opsteld troch :
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Ynfentarisjaasje ynfloed Oekraïnegefolgen

Achte Steateleden,

De oarloch yn Oekraïne rekket ús allegear. Al in moanne sjogge wy de húveringwekkende bylden, mei slachtoffers, flechtlingestreamen en ferneatigjende bombardeminten yn doarpen en stêden. It is suver ûnfoarstelber dat ditsoarte fan freeslike tastannen him relatyf tichtby hjir yn Europa ôfspylje.

Fansels hoopje wy krekt as elkenien op in gau en freedsum ein fan dit wapene konflikt. Sadat mear ellinde de Oekraïners besparre bliuwt.

De gefolgen fan dizze oarloch binne hjir ek te fernimmen. Oer hoe 't de opfang fan flechtlingen yn Fryslân ferrint, hawwe wy jo yn antwurd op skriftlike fragen fan jo kant twa wiken lyn ynformearre.

Helpen

It is hertferwaarmjend om te sjen hokker inisjativen der yn Fryslân ûntstien binne om de Oekraïners te helpen, oant yn it Provinsjehûs oan ta. Dizze flechtlingen in wolkom en feilich gefoel jaan, is it minste dat we dwaan kinne.

De kommissaris fan de Kening hat ferline wike praat mei in echtpear en in gesin út Oekraïne dat hjirhinne kommen is. Dit smiet hertferskuorrende ferhalen op, mei in soad ûnwissens foar de kommende tiid mar ek in soad tankberens foar de opfang yn Fryslân. Dêrneist hat er praat mei NHL-studinten út Oekraïne, Ruslân en Wyt-Ruslân. Ek dêr is ûnwissens.

Ut syn rol as Rykshear wei hâldt de kommissaris nau kontakt mei de boargemasters en de Feilichheidsregio oer de opfang fan de Oekraïners.

Neist dizze problematyk is der de ekonomyske ynfloed. De prizen fan grûnstoffen en enerzjy geane omheech. De ynflaasje nimt ta. We sjogge oeral soarch foar in ekonomyske tebeksetter en de ferwachting dat de ekonomyske gefolgen langduorjend wêze kinne. Saakkundigen yn binnen - en bûtenlân binne it hjir oer iens.

Fryske projekten


Dit sil fansels gefolgen hawwe foar de ynwenners, bedriuwen en ynstellingen yn Fryslân. Sa as it ek gefolgen hawwe sil foar de projekten yn Fryslân dêr 't wy as oerheid oan wurkje.

De prizen fan dy projekten stiene troch oprinnende enerzjyprizen al ûnder druk. Dit nimt fierder ta troch de gefolgen fan de situaasje yn Oekraïne.


Fia dizze brief ynformearje wy jo dat wy op dit stuit oer de hiele liny oan it ynventarisearjen binne hokker gefolgen der foar de provinsjale projekten te ferwachtsjen binne. Sa sjogge wy bygelyks by de ynfrastrukturele wurken wat de oprinnende kosten en krapte oan grûnstoffen foar gefolgen hawwe kinne foar besteande en nije projekten.

Sagau 't wy dêr in goed en kompleet byld fan hawwe, komme wy by jo werom. Wêrby 't we oanjouwe sille hoe 't we hjir yn dy projekten mei omgean sille.

Deputearre Steaten fan Fryslân,



drs. A.A.M. Brok, foarsitter
voor deze, de loco-voorzitter



R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris